

Al wer in Ploechgong.

1912-1913.

De Tiid (hy wit fen skoftsjen neat)
Hat wer in ploechgong dien,
En hat meiskien by lyts en great
'Wer djippe fûrgen ¹⁾ snien.

De ploechman ment; en ropt aloan :
„Hâld-om !” ,Boei-om! “ ²⁾ sa't moat.
Séfûgels aezje efteroan
De groun leit deadsk en swart.

Mar 't ploejien giet dochs mei forstân,
Fen d' earstfûrge oan 'e lêste ta ;
En letter scil it deadske lân
Der better frucht om ha'.

Falt jimm' it libben swier ? Hâld moed !
De ploege is yn 's Hearen hân.
En wirdt hjir 't fjild foar seadzjen goed,
De risping ³⁾ komt yn 't Himelsk Lân.

S. HUISMANS.

¹⁾ diepe voren. ²⁾ Linksom en Rechtsom, bij het mennen van ploegpaarden. ³⁾ Oogst.